

# It Aldershûs

Piter Jelles Troelstra

Nei H.R. Bishop  
<http://home.wanadoo.nl/roel.zuiderbaan/>  
 TablEdited troch Andrys Stienstra

2/4

D 3' 4' — 6 — 4' 6 4' — 3' 4' —

T 4' 4' — 5' 4' — 5 4' 3' 4' 4' — 5'

F C F F C C F F F C

12

D 6 — 4' 6 3' — 6 6 — 4' 6 4' — 5

T 4' — 5 4' 3' 8 — 6' 7 — 5' 4' — 5

F F C C F F Bb Bb F F C

23

D 4' — 6 6 — 4' 6 6 5' 3' —

T 4' 3' 8 — 6' 7 — 5' 4' 3' 4' 3'

C F F Bb Bb F F F C F F

34

D 6 — 3' — 4' — 6 6 — 4' 6 6 5'

T 4' 3' 3' — 8 — 6' 7 — 5' 6 — 4' 6 6 5'

F C F C F F Bb Bb F F F

45

D 3' —

T 4' 3'

C F F

Troch seeën skaat en lannen fier oan it westerstrân  
Tink ik mei sucht en triennen oan dy, myn Heitelân.  
It wâlet troch myn herte mei inle harpgerûs,  
Tink ik oan dy, myn Fryslân, en oan myn âldershûs!  
Hûs, leaf, leaf âldershûs!  
Tink ik oan dy, myn Fryslân, en oan myn âldershûs.

Dêr blinke glêde marren yn 'e sinneskyn  
Wêr ranke boatsjes driuwe, sêft dûnsjend op 'e wyn.  
En as de fûgels floitsje op fean en bou en sân,  
Hja geie it út fan wille, yn dy, myn heitelân!  
Lân, leaf, leaf heitelân!  
Hja geie it út fan wille, yn dy, myn heitelân!

Yn 't beammeskaad beskûle stiet ús âlde went.  
In smouter plakje op ierde ha 'k nearne, nearne kend.  
Dêr hat ús mem my widze sa sillich yn 'e sûs,  
Dêr boarte ik oan har knibbel yn dy, myn âldershûs.  
Hûs, leaf, leaf âldershûs!  
Dêr boarte ik oan har knibbel yn dy, myn âldershûs.

It wrede needlot twong my by myn âlden wei.  
En alles, wat ik leaf ha, liet ik yn Fryslân nei.  
Dêr wenne alear in famke, dy joech my hert en hân;  
No rêst hja op it tsjerkhôf yn 't ynleaf heitelân.  
Lân, leaf, leaf heitelân!  
No rêst hja op it tsjerkhôf yn 't ynleaf heitelân.

Lit my ek ienkear lizze yn 'e Fryske grûn;  
Foar't my myn lân werom hat, hab ik gjin rêste fûn.  
'k Wol oer de seeën strûze troch stoarm en weachgebrûs,  
En stjerre yn it âlde Fryslân, yn 't ynleaf âldershûs.  
Hûs, leaf, leaf âldershûs!  
En stjerre yn it âlde Fryslân, yn 't ynleaf âldershûs.